

Ferslach fan de mienskiplike ekskurzje fan it Genealogysk Wurkferbân fan de Fryske Akademy en de NGV afdeling Friesland nei Skettens op 21/9/2019.

De ekskurzje is dit jier organisearre troch it GWF(Jelle de Jong). Der wienen 38 minsken oanwêzich by de besite oan de tsjerke en de grêfkelder fan de **Fan Aysma's** (1578-1637). Us gasthear wie de pleatslike histoarikus **André Buwalda**. Hy seach kâns om op in boeiende wize de besikers mei te nimmen nei in stikje histoarje fan it doarp Skettens mei as sintrale figuer Skelte fan Aysma(1578-1637).



- 1. De tsjerke fan Skettens:** De hjoeddeistige tsjerke fan Skettens datearret fan 1865, wêrby de âlde tsjerke hast folslein ôfbrutsen is en plak romje moast foar in hast hielendal nije tsjerke. Gelokkich waarden dêrby seis âlde grêfsarken yn it middenpaad sparre. Inkelde jierren lyn wie de tsjerke troch efterstallich ûnderhâld ta oan in grutte restauraasje. By it ferwiderjen fan in tal tegels yn de tsjerke, stjitten de frijwilligers al rillegau op in muorke fan âlde gieltsjes. Fansels waard besletten fierder te graven wêrby dúdlik waard dat it muorke de tagong wie fan in iuwenâlde grêfkelder.

Mei help fan in 'selfiestick' mei kamera en in loshelle stien, kaam der sicht op de tastân dêr't de kelder him yn befûn. Njonken in protte modder en hout, leine der ek bonken en harsenplassen. It waard dúdlik dat dit de grêfkelder fan de famylje Fan Aysma wêze moast.

It tsjerkebestjoer seach hjir in unike mooglikheid yn om de grêfkelder tagonklik te meitsjen en krige dêrby de stipe fan de *Gemeente Súdwestfryslân* en de *Rijksdienst voor Cultureel Erfgoed*. De grêfkelder waard doe archeologysk ûndersocht. De bonken en plassen waarden ûndersocht troch in fysysch antropoloog. Tagelyk waarden út de fiif fûne plassen DNA-meunsters nommen.

De kelder hat in nije yngong krigen, dy't kreas ferstoppe leit yn it rinpaad fan de tsjerke. De tsjerke koe dêrby syn typyske 19^e-ieuwske autentike sjarre hâlde. Ek de sark fan Skelte fan Aysma krige in eigen lûk, wêrtroch de kolossale stien no foar it earst yn iuwen wer yn folle gloarje te besjen is.

2. Wa wie Skelte fan Aysma, de haadpersoan?

Skelte fan Aysma (1578-1637) wie hast 40 jier offisier yn it Steatske leger. Troch syn aadlike komôf begûn hy as faandrich, mar klom al gau op om luitenant te wurden en úteinlik kapitein fan in eigen kompanjy. Iuwenlang ha ek oare Fan Aysma's offisier west yn it steatske leger. Yn 1628 waard Skelte de earste kommandeur fan de Langackerschans, no bekend as Nieuweschans.

As luitenant-kolonel rûn er yn 1633 mei yn de roustoet fan steedhâlder ErnstCasimir. De tekening dy't dêrfan makke waard is tagelyk de iennichste ôfbylding dy't wy kenne fan Skelte. Hy rint yn de roustoet mei yn de tabbert, de wapenrok fan de heraut fan de steedhâlder, en dat hjir it steedhâlderlik wapen op stiet sil wis in ekstra grutte eare west ha.

Yn july 1637 begjint it bekende Belech fan Breda. De stêd wie yn hannen fan de Spaansken en moast wer yn steatske hannen komme. De soldaten fan de Fryske steedhâlder Hindrik Casimir waarden hjirby ynsetten. Skelte fan Aysma wie beneamd ta kolonel fan it âldste Fryske rezjiment. Eefkes foar 23 augustus 1637 moat der wat slims bard wêze yn de rinfuorgen (loopgraven) by Breda en it liket derop dat Skelte doe troch in fijanlike kûgel rekke is. Yn elk gefal stjert Skelte op de 23ste yn it militêre hospitaal yn Geertruidenberg. Syn lichem sil per skip nei Skettens brocht wêze om dêr opbiere te wurden op Osingastate, it aadlike hûs, dat hy mei syn húshâlding bewenne. Hy waard begroeven yn de tsjerke dêr't de foarâlden fan syn frou begroeven wiene ûnder monumintale sarken. De sark fan Skelte wie krekt wat grutter, wêrtroch dy sa'n 5 ton weaget.

3. De Helm fan Skettens, ûntdekking troch Jeroen Punt

Fan 1877 ôf hong der yn it portaal fan de doe boude nije toer, heech oan de muorre, in wat rustige âlde helm, mei derûnder in swurd. Nimmen wist werom dy dêr hongen of fan wa die helm west hie.

Yn april 2015 kaam Buwalda yn kontakt mei JeroenPunt, konservator fan it '*Nationaal Militair Museum*' yn Soest, nei oanlieding fan in foto op syn hiemside, mei dêrop de twa militêre attributen. It bliek de helm fan Skelte van Aysmate wêzen. It is in saneamde 'bourgondische stormhoed' út begjin 17e iuw. Fierder ûntduts hy dat deselde helm yn in soarte fan skryn ôfbylde is op de sark fan Skelte. Dit is oant no ta net faker sjoen en jout de bysûndere status fan dizze helm oan. Begjin 2016 wie dit dan ek grut nijs en de helm kaam yn brûklien by it '*Nationaal Militair Museum*'. De helm stiet sûnt foarich jier sels yn de "Canon van Nederlân". De tsjerke krige in echte 3D kopy fan de helm. Dat de Skettenser helm al dy iuwen bewarre bleaun is, mei in grut wûnder hjitte.



4. Het DNA ûndersyk op de bonkerakken

It DNA ûndersyk waard dien troch drs. Evekine Altena, dit wie tige kompleks. Der wiene trije manlju en twa froulju. De mannen wiene net besibbe yn manlike line. De frouwen wiene yn de froulike line wol besibbe, want se hiene deselde "mitochondriale Haplogroep". Ien persoan hie in ôfwikend profyl.

De oplossing bliek yn hannen fan Frâns Lauta fan Aysma te lizzen, in fier famyljelid dy't koart dêrfoar troch Buwalda trasearre wie. Frâns wie de alderlêste besibbe manlike Lauta fan Aysma te wêzen, dy't ek noch yn manlike line deselde foarheit as Skelte hat. Troch de DNA-sibskib (match) koe mei 100% sekuerens de besibbens oantoand wurde. Sa bliek de iene plasse oan Skelte fan Aysma ta te hearen.

De oare fjouwer persoanen binne Tyempck fan Osinga, de frou fan Skelte. Fierder twa skoansoannen dy't jong stoarn binne. Ien dêrfan, Georg Sigismundvan Zedlitz, kaam fan in aadlik geslacht út Bohemen en dat is de ferklearring fan it ôfwikend DNA profyl. De mem fan in oare skoansoan, Epe fan Aesgema, wie wer in Fan Aysma, sadat ek dizze froulike besibbens ferklearre waard. De lêste kandidaat waard fûn yn it bernsbarn Anna Yda Spruyt, dy ek in Fan Aysma as mem hie.

5. Bysetting op 23 maaie 2018

De pleatslike timmerman hat twa 17e-iuwske lykkisten neimakke en op 23 maaie 2018 binne de Aysma's wer bysetten yn Skettens. Omdat Skelte ien fan de eardere kolonels wie fan it Johan Willem Friso rezjimint, hat dit rezjimint de bysetting mei militêre tradysjes begelaat. Dit wie in tige bysûndere gelegenheid, kompleet mei roustoet en lykas eardere waard in rouboerd yn de stoet meidroegen. Yn Fogelsingstate te Feankleaster wie noch de orizjinele 17e iuwske draachbier oanwêzich fan de broer fan Skelte, Hessel fan Aysma. Dizze bier mei it Aysmawapen hat dy dei tsjinst dien.

6. Kofjeskoft yn it doarpshûs

7. Nei it skoft koene de gasten yn lytse groepkes de kelder mei de beide kisten besjen. Al mei al in tige



slagge ekskurzje mei tank oan André Buwalda foar syn entûsiaste fertelling.

André A. Buwalda (1972) is berne en wennet yn Skettens. Mear oer de histoarje fan Skettens op de thússide fan Buwalda: www.andrebuwalda.nl.

Ferslach: Jabik van der Bij